



# SWITE KALIFONRIA

(California suite)

In komeedzje

fan

**NEIL SIMON**

Fryske oersetting

**Gurbe Dijkstra**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SUITE KALIFORNIA – CALIFORNIA SUITE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NIEL SIMON** en vertaler: **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 1977 by Neil Simon**

**Copyright Frisian translation: 2002 by Neil Simon**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **11** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

Telefoon (03)3.66.44.00,

E-mail: [bestellen@toneelfonds.be](mailto:bestellen@toneelfonds.be) en Website: [www.toneelfonds.be](http://www.toneelfonds.be).

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

## **PERSOANEN:**

Hannah Warren – frou, begjin fjirtich

William (*Billy*) Warren – man, fiifenfjirtich

Marvin Michaels – man, sawat twaenfjirtich

Bunny – jonge frou

Millie Michaels – frou, begjin fjirtich

Sidney Nichols – man, begjin fjirtich

Diana Nichols – frou, begjin fjirtich

Mort Hollender – man, begjin fjirtich

Beth Hollender – frou, begjin fjirtich

Stu Franklyn – man, begjin fjirtich

Gert Franklyn – frou, begjin fjirtich

## **DECOR:**

### **EARSTE BEDRIUW:**

Sêne 1: Gast út New York. Sawat ien oere middeis op in waarme, sinnige dei yn de hjerst.

Sêne 2: Gast út Philadelphia. Alve oere moarns, midden yn Desimber.

### **TWADDE BEDRIUW:**

Sêne 1: Gasten út Londen. Sawat fiif oere yn 'e middei, betiid yn april.

Sêne 2: Sawat twa oere yn de nacht.

Sêne 3: Gasten út Chicago. Fjouwer oere middeis, snein 4 july.

## EARSTE BEDRIUW

### Sêne ien

Gast út New York

*(suite 203-204: in sliepkeamer mei neistlizzende sitkeamer, in útgong nei de badkeamer fia de sliepkeamer. It dekor is kleurryk. Oan de muorren moaie reproduksjes fan Van Gogh en Renoir. Der stiet yn beide keamers in grutte televyzje. Yn de sitkeamer is in skoarstienmantel. It is sawat ien oere middeis op in waarme, sinnige dei achter yn de hjerst. Hannah Warren stiet by it rût, de earmen oer elkoar, in sigaret yn de hân, se stoarret fol prakkesaasjes nei bûten. Se is begjin fjirtich, in yntelliginte frou mei styl. Se hat in wollen pakje oan, te waarm foar Kalifornia, mar presys goed foar New York... wêr 't se wei komt. Har pakte koffers lizze op it bêd yn de sliepkeamer, klear om ôf te reizgjen. De telefoan giet)*

**HANNAH:** *(yn de hoarn) Ja?... Wêr bist?... Kom mar nei boppen. Keamer 203. (se hinget op, docht noch in haal oan 'e sigaret, drukt dizze dan nerveus út yn 'e jiskebak. Se pakt de hoarn wer op) Roomservice asjebleaft. (se wachtet mei spanning. Dan, yn de telefoan) Hallo?... Dit is mefrou Warren yn suite 203... Graach in sitroentee en in dûbele Scotch mei iis... (de telefoan op 'e sliepkeamer giet) Ja... 203. Tanke. (se hinget op. De oare telefoan giet wer. Se rint nei de sliepkeamer, giet op bêd sitten en nimt de telefoan oan) Ja?... Ja, kloppet... Hallo? Ja, Bob... No, ik hope eins hjoed noch ôf te reizgjen. Ik ha kaartsjes foar de flucht fan trije oere, mar ik tink net dat 'k dat helje... 't kin my net gau genôch wêze... Dizze hiele stêd rûkt nei oerripe meloen... Hoe is 't yn New York?... Ja?... Snijt it? Wat geweldich!... Nee, nee. De sinne skynt, sawat achtentweintich graden, en dat mei Thanksgiving... Walchlik gewoan. (der wurdt kloppe op 'e doar fan de sitkeamer. Se ropt) Kom er mar yn! De doar is iepen! (wer yn de telefoan, no wat sachter) Nee, der is noch neat regele. Mar dêr meitsje ik my gjin soargen oer. (de doar fan de sitkeamer giet iepen. William Warren komt er yn. Hy is sawat fiifenfjirtich, hiel oantreklik, slank en brún. Hy hat in blikte spikerbroek oan, in sweater fan kasjmier mei in V*

– *hals, en sportskuon. Hy docht de doar ticht en sjocht de keamer yn 't rûn wylst sy fierder praat oan de telefoon*) Nee, hy is krekt oankommen... ik wol er yn dit stadium noch gjin advokaat by helje. We sille wol sjen hoe 't ôfrint... Hast oait meimakke dat 'k my yntimidearje liet? *(se laket)* Nee. Dat telt net mei... Ja, 'k wit it noch krekt... Wat in jild fergriemen, sa'n eroatysk telefoantsje, mei myn eksman yn de keamer hjir neist en de resepsjoniste mei reade earkes ûnder... Ja, dat sil 'k dwaan... Sa gau 't er wer fuort is... Ik ek fan dy... Daach. *(se hinget op en bliuwt in momint sitten. Se pakt in potlead en skriuwt wat op it notysjeblokje dat op it taffeltsje neist it bêd leit. Se hat dúdlik net folle haast om har besiker wolkom te hjitten. Se giet oerein, besjocht harsels noch even yn de spegel en rint nei de doar fan de sitkeamer. Hy draait him om en se sjogge elkoar oan)* Nim my net kwea ôf. Ik hie telefoon. 't Snijt yn New York. We krije in wite Thanksgiving. Fynst dat net geweldich? *(se giet sitten. Hy bliuwt stean. Hy glimket)* Is dy prachtige, waarme glimlaits foar my bestimd?

**BILLY:** 't Kostet dy sa te sjen noch altyd muoite om gewoan "hallo" te sizzen.

**HANNAH:** Oh, ferjou my. Do puttest altyd safolle moed út de "lytse" dingen fan it libben... Hallo, Bill.

**BILLY:** *(mei in bulte waarmte)* Hallo Hannah.

**HANNAH:** Myn God, sjoch no. Do bist wer in jong keardel wurden

**BILLY:** Oh, ja?

**HANNAH:** Hast dat net murken? Do sjochst er út as sa'n hearlike jonge fan fjirtjin. Do giest doch simmers net op kamp?

**BILLY:** Trije wike mar, yn july. Hoe is 't mei dy?

**HANNAH:** No, op dit momint, ferstuivere.

**BILLY:** Do bist noch altyd de iennichste dy 't ik kin, dy 't it wurd "ferstuivere" yn in alledeisk petear brûke kin.

**HANNAH:** Doch net sa bespotlik, skat, ik praat al sa by it moarnsiten... Draai dy es om, ik wol dy besjen.

**BILLY:** Soene we mekoar earst net even oanhelje, of de hân skodzje of sokssawat?

**HANNAH:** Litte wy dat mar bewarje foar atst wer fuort giest... Wat in leuke, Kalifornyske klean hast oan.

**BILLY:** Se komme oars by Bloomingdale's wei, út New York.

**HANNAH:** Dat is it bêste plak om Kalifornyske klean te keapjen. Do sjochst er sa... ik wit net... welk wurd is dêr no op fan tapassing?

**BILLY:** Gelokkich?

**HANNAH:** Nonsjalant. Do sjochst er nonsjalant út. It ûnderskied is hjir net sa maklik te meitsjen... bist no hiel kreas klaaid, of is dit krekt sportyf?

**BILLY:** Ik tocht, nei in reuny hoech ik gjin strik om.

**HANNAH:** Neamst dit in reuny? Doe 'st er yn kaamst tocht ik dat we te tennisjen gongen.

**BILLY:** No, dêr sjochsto er wol sûn genôch foar út.

**HANNAH:** Sûn? Fynst dat ik er sûn útsjoch? Wat bist eins ek in sek. Ik sjoch er hearlik út.

**BILLY:** Ja, do hast gelyk, Hannah. Do sjochst er geweldich út.

**HANNAH:** Nee, nee. Do sjochst er geweldich út. Ik sjoch er hearlik út.

**BILLY:** Tsja, 'k bin tsien pûn kwytrekke.

**HANNAH:** Hearst wat 'k sis? Do sjochst er fantastysk út. Dyn hier ek. Wêr hast dat dwaan litten, by dy jonge dy 't Barbara Streisand knipt?

**BILLY:** Atst 't sa moai fynst, meist myn ôfspraak op tongersdei wol oernimme... Mocht it dy ynteressearje, ik fiel my ek hiel goed, tanke.

**HANNAH:** Fansels. Dat sjoch 'k ek wol. Moatst dy kleur sjen. Tsja, dat is 't bûtenlibben, netwier? Hast ergens in kantoar bûten?

**BILLY:** Nee, gewoan in buro neist 't rût... Sis, Hannah, gean wy noch lang troch op dizze iroanyske toan? Jou my dan even wat tiid om my oan te passen, wolst? It is njoggen jier lyn, ik bin wat rustich.

**HANNAH:** Oh, do pikst 't sa wer op. Krekt as mei Frânsk. Witst, dat soe 'k no bot misse at 'k út New York wei gean soe. De irony.

**BILLY:** San Francisco is mar in oere, hjirwei. Yn gefal fan need gean we dêr hinne foar in goeie doasis irony.

**HANNAH:** Echt wier?

**BILLY:** Soe 'k tsjin dy oait lige?

**HANNAH:** 'k Ha altyd wat tsjin San Francisco hân. 'k Wie bang dat 'k út bêd falle soe en by ien fan dy heuvels del rôlje.

**BILLY:** Dêr hoechsto net bang foar te wêzen, Hannah. Do rôlest by de



heuvels op.

**HANNAH:** O, leuk. Sjochst wol datst 't sa wer oppikst? Giest net sitten, Bill? Of neame se dy hjir Billy? Ja, dat dogge se. Jenny hat 't my ferteld. Elk neamt dy Billy.

**BILLY:** (*hellet de skouders op*) Dat bin ik, Billy.

**HANNAH:** Wat skattich. In fiifenfjirtich jierrige Billy. Stiet dêr mei syn blitse sportskuon oan en syn geve sweater. Gean asjebleaft sitten, Billy. Ik fiel my krekt dyn wiskunde learares.

**BILLY:** Underweis hjirhinne ha 'k mei mysels ôfpraat dat 'k my freonlik en oangenaam gedrage soe. Ik bin no hiel freonlik.

**HANNAH:** Do riidst oeral hinne, netwier?

**BILLY:** Oeral.

**HANNAH:** Sels nei dyn auto?

**BILLY:** Hast beswier at ik even nei ûnderen belje en wat drinken bestel?

**HANNAH:** Dat ha ik al dien.

**BILLY:** Mar ik wol gjin dûbele Scotch mei iis ha. Ik bin brûk gjin drank mear.

**HANNAH:** Oh? Wat wolst dan?

**BILLY:** In kop sitroentee.

**HANNAH:** Is al besteld... Gjin sterke drank mear? Hielendal net mear?

**BILLY:** Sels gjin wyn. Ik drink liters appelsop.

**HANNAH:** Sigaretten?

**BILLY:** Opholden.

**HANNAH:** Mist it rocheljen en hoastjen dan moarns net.

**BILLY:** De hûnen waarden er wekker fan. Ik ha no hûnen.

**HANNAH:** Wat in skieding al net te weech bringe kin... Hoe sit it mei 't snobjen? Sis no net datst ek fan de Snickers ôf bist.

**BILLY:** (*hellet de skouders op*) Sorry.

**HANNAH:** Dat is skokkend nijs. Do bist echt feroare, Billy. Sûnt my bist oeral fan ôfkickt.

**BILLY:** Sawol geastlik as lichaaamlik. Ik beledigje dy doch net, hen?

**HANNAH:** Datst mar in sûn âld mantsje wurde meist. Mar even serieuus, ik wol dy net bespotlik meitsje, mar hoe dochst dat

allegear? Hoe soargest sa goed foar dysels?

**BILLY:** Ik bin op dieet, ik yt gjin fleis mear, en do wolst my wis al bespotlik meitsje. Dat is dyn grutste winsk op dit stuit. Ik fyn 't net slim. Ik ha de tiid... Leau my at 'k sis dat ik elke moarn tsien kilometer hurdrin?

**HANNAH:** Bist op 'e flecht? Of sitst ergens achteroan?

**BILLY:** De krante. Ik ha luie hûnen... Sil 'k trochgean? Elke jûn at 'k thús kom swim ik tweintich baantsjes. Ik spylje acht partijen tennis yn 't wykein. Ik sliep goed. Ik ha al yn gjin trije en in heal jier gjin pil mear ynnommen. Ik nim fitaminen en ik krij natuerlik iten sûnder keunstmjittige tafoegings.

**HANNAH:** Ah! Aha! Natuerlik iten! Einlings, doch noch wat mienskipliks.

**BILLY:** Do wolst doch net beweare datst gjin chili-burgers fan P.J. Clark mear ytst?

**HANNAH:** Nee, dat net. Mar ik yt se no allinne noch mei de folle graankorrel... ik krij nocht oan dizze konversaasje. Fertel noch es wat mear oer dysels. Jenny sei datst banjo spilest.

**BILLY:** Gitaar. Klassyk en country.

**HANNAH:** Hiel bysûnder. Yn New York wiest noch net by steat om de radio op de goede sender te setten... Gean troch... Gean troch!

**BILLY:** Ik klim.

**HANNAH:** Pardon?

**BILLY:** Ik klim. Ik ha in berch fan trijetûzen meter yn de Sierra Nevada beklommen ôfrûne simmer.

**HANNAH:** Dat stelt net folle foar. Sa'n hichte beklim ik wyks trije kear at ik nei de psychiater gean.

**BILLY:** En gjin psychiater mear.

**HANNAH:** Ja, dat ha 'k ek heard. Dat berchbeklimmen dat kin ik noch wol akseptearje, en miskien op den duer dy gitaar ek noch wol. Mar gjin psychiater? No fregest tefolle, Billy. Wêrom bist dêr mei opholden?

**BILLY:** Ik ha mysels geastlik sûn ferklearre.

**HANNAH:** Geastlik sûn! Wat opwinend. Bedoelst datst elke dei hielendal allinne de wrâld oan kinst? (*hy glimket en knikt*) Bist dan nooit mear depressyf?

**BILLY:** Jawol.

**HANNAH:** Wannear?

**BILLY:** No.

**HANNAH:** Bliid te hearren dat dyn harsens noch net hielendal útdroege binne yn de sinne... Hast noch mear nijs?

**BILLY:** Ik bin ferhuze.

**HANNAH:** Oh, ja. Do wennest net mear yn Hardy Canyon.

**BILLY:** Laurel. Laurel Canyon.

**HANNAH:** Laurel, Hardy, wat makket 't út? En wêr wennest no?

**BILLY:** Beverly Hills... in blok noardlik fan Sunset Boulevard.

**HANNAH:** Wat foar soart hûs?

**BILLY:** Hiel komfortabel.

**HANNAH:** Ja, dat leau ik graach. Mar wat foar soart?

**BILLY:** No, oan de bûtenkant liket 't krekt in lytse, Frânske buorkerij.

**HANNAH:** In lytse, Frânske buorkerij. In blok noardlik fan Sunset Boulevard. Klinkt rûch... Fan 't fleanfjild ôf kaam ik ek ergens lâns. Ik tocht dat 't in Marokkaanske filla wie... mar 't wie in Texaco stasjon.

**BILLY:** We bin in kleurrike mienskip.

**HANNAH:** Ik fyn 't prachtich fan út de lucht.

**BILLY:** En hoe stiet 't libben boppe 't metro stasjon?

**HANNAH:** Prima. Ik wenje noch altyd yn ús âlde appartemint. Mar do soest 't dêr no ferskriklik fine.

**BILLY:** Wat hast er dan mei útfretten?

**HANNAH:** Neat.

**BILLY:** 'k Hearde dat in operaasje hân hiest?

**HANNAH:** Wat mei de baarmoeder. 'k Wie deselde deis al wer thús... en hiesto net wat mei de prostaat?

**BILLY:** 't Is in lytse wrâld, netwier?

**HANNAH:** No, ús sûnden achterfolgje ús wol... Wat kin 'k dy noch mear fertelle oer mysels?

**BILLY:** Jenny hâldt my aardich op 'e hichte.

**HANNAH:** Oh, dat sil bêst.

**BILLY:** ‘k Ha begrepen datst in nije freon hast.

**HANNAH:** In freon? God ferhoedzje. ‘k Bin twaenfjirtich... ik ha in minnaar.

**BILLY:** Ek in skriuwer.

**HANNAH:** Hy is sjoernalist by de Washington Post.

**BILLY:** Werklik? Doch net ien fan dy...

**HANNAH:** Nee.

**BILLY:** Oh.

**HANNAH:** Hy is fjouwerenfyftich. Hy hat in min hert, astma en kin min fan de drank ôfbliuwe. Hy hat ek de skerpste geast dy ‘k oait yn dit lân sjoen ha, ôfsjoen fan Adlai Stevenson... en hoe sit ‘t mei dyn leafdeslibben?

**BILLY:** Myn leafdeslibben? Op ‘t stuit ha ‘k in hiel bysûndere bân mei in leuke meid.

**HANNAH:** Oh, ja? Wat foar in bân? In autobân?

**BILLY:** (*yrritearre*) Oh, hâldt op, Hannah.

**HANNAH:** Wat ha ‘k ferkeard sein? Ha ‘k dy beledige?

**BILLY:** Kin wy miskien ophâlde fan bekfjochtsjen? Ik tink dat we wol oare dingen te bepraten ha.

**HANNAH:** Nim my net kwea ôf. Ik ha dy yndied beledige.

**BILLY:** Myn God, ‘t is lang lyn dat ‘k sa’n konversaasje hân ha.

**HANNAH:** Nim my net kwea ôf, mar do wiest deselde dy ‘t dingen sei as “‘k Ha begrepen datst in nije freon hast”. En “Op ‘t stuit ha ‘k in hiel bysûndere bân mei in leuke meid”. Ik bin net deselde mei ‘t puberkapsel en de skat oan wurden fan Peter Pan.

**BILLY:** Ik merk al wol datst echt kommen bist om bearen te sjitten, netwier?

**HANNAH:** Bearen sjitte? Hearde ‘k ‘t goed? Seist echt “bearen te sjitten” Prate se hjir sa, by ‘t kampfjoer yn de Sierra Nevada?

**BILLY:** Lit de tee mar sitte. Ik tink dat ‘k doch dy dûbele Scotch mar nim.

**HANNAH:** Is al besteld. Beide bin se besteld. Do sitst altyd goed.

**BILLY:** Sille we no oer Jenny prate?

**HANNAH:** Werom sa’n haast? Se is krekt santjin. Se hat noch in hiel

libben foar har. At 'k myn dochter oan dy oerdoch... wat 'k seker net dwaan sil... wol 'k op syn minst witte wa 'st bist.

**BILLY:** Jenny is ús dochter! Fan ús beide!

**HANNAH:** Miskien. We sille sjen. Se nimme de tiid nochal mei dy DNA test. *(se sjogge elkoar in momint ferneatigjend oan. Ynienen glimket se)* Dus do wennest yn Frânske buorkerij op Sunset Boulevard. Hast in swimbad?

**BILLY:** Jezus Kristus!

**HANNAH:** Kom op, Billy, fertel op. Ik ha fjouwerensantich fragen opskreaun... lit my dy list net opsykje. Hast in swimbad?... Fansels hast in swimbad. Do bist brún, dus do hast in swimbad... wat foarm hat it?... fan in nier?... in lever?... Galblaas dan miskien?

**BILLY:** Pankreas om krekt te wêzen. It haad fan de ôfdieling sjirurgy fan "Ceders van Libanon" hat 't er persoanlik yn set. Do bist net te leauwen. Noch gjin fyftjin dagen fan dyn hiele libben bist hjir west, mar do witst al presys hoe 't wy libje. Spytich datst sa gau wer fuortgiest. No kinst net sjen hoe 't wy ús fakânsjes trochbringe. Do soest alhiel út de skroeven wêze atst ús rôze krystbeam bûten op 't gers stean seachst... en de Baskin Robbins sniepop yn trije kleuren en smaken, mei skuon fan krokkedillelear... en dan ha 'k 't noch net iens oer de lûdsprekker op it dak wêr 't "Silent Night" fan Sonny en Cher út komt.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407

**TONEEL**  
**UITGEVERIJ**  **INK**

**“Samenspelen” is ons motto**